

Reglemint Toanielkriich

STichting Amateurtoaniel Fryslân

Kêst 1 - De Stichting Amateurtoaniel Fryslân hâldt sa mooglik jierliks in toanielkriich foar de oansletten selskippen. Elk selskip kin oan dizze kriich meidwaan mei ien of mear stikken. De foarstelling moat foldwaan oan de folgjende kritearia:

- der moat spile wurde yn de Fryske taal.
- de foarstelling moat jûnfoljend wêze of oars op syn minst fiif kertier oan spyltiid freegje (bg. twa of mear ienakters is ek mooglik)

De kosten foar it meidwaan oan de kriich wurde fêststeld troch it bestjoer. It selskip kriget hjirfoar in digitale rekken.

Kêst 2 - It stiet frij om al of net oan de toanielkriich mei te dwaan. It selskip makket sels in kar: allinnich punten of punten mei in neipetear/taljochting troch de karmasters.

Kêst 3 - In selskip dat meidwaan wol, moat dit 7 wiken foar de earste útfieringsdatum opjaan fia it opjefteformulier op www.staf-fryslan.nl. Twa tekstboekjes fan it te spyljen stik moatte op syn minst 6 wiken foar de earste útfieringsdatum tastjoerd wurde.

Kêst 4 - Foar it beoardieljen fan elke produksje dy't in selskip dêrta yntiids opjûn hat, feardiget it bestjoer trije karmasters ôf en befêstiget dat oan it selskip.

Foar de ûntfangst fan de karmasters by de selskippen binne regels steld, dy't fêstlein binne yn it protokol foar de selskippen, sadat it beoardieljen goed ferrinne kin.

De stichting dielt oan de selskippen mei dat der karmasters komme en hokker akkommodaasje dy karmasters nedich hawwe. It lêste stiet beskreaun yn it protokol foar de selskippen.

Kêst 5 - De karmasters wurde troch it bestjoer beneamd, nei 't sy mei goed resultaat in karmastersoplieding folge ha.

Fan jier op jier sil der troch de Kriichkommisje nei stribbe wurde de karmasters safolle mooglik te wikselen by alle selskippen, sadat net alle jierren deselde karmasters by deselde selskippen komme. Foar in opfiering mei yn gjin gefal in karmaster oanwiisd wurde dy't it te beoardieljen stik sels skreaun of bewurke hat, of dy 't op in oare wize, hoe dan ek, persoanlik by de produksje belutsen is / west hat.

Kêst 6 - De ûnderdielen fan in opfiering dy't de karmasters beoardielje moatte, binne troch it bestjoer fêststeld en fêstlein yn in beoardielingslist.

Kêst 7 - De karmasters bringe skriftlik en/of mûnling ferslach út fan elke opfiering dy't hja beoardiele hawwe. Dat kin op twa wizen :

- It selskip makket de kar om allinnich punten te krijen foar de foarstelling. De punten wurde twa wiken nei de skôge foarstelling skriftlik bekend makke by it selskip.
- It selskip makket de kar om nei de foarstelling mei de karmasters in neipetear te fieren oer de befiningen oangeande de foarstelling.

By it neipetear wurde fuortendaliks de behelle punten troch de karmasters bekend makke. In selskip mei opnamen, dy't eventueel fan de beoardiele opfiering makke binne, yn gjin gefal behelje yn de beoardieling troch de karmasters.

Kêst 8 - Fan de behelle punten yn it winterskoft dy 't de selskippen oan de toanielkriich meidogge wurdt in oersjoch makke. Sa ûntstiet der in rangoarder fan leech nei heech. Dy rangoarder wurdt, neidat alle selskippen harren foarstellings spile hawwe, yn trije lykwaardige parten ferdiel. As it tal

selskippen dat oan de Toanielkriich yn in winterskoft net dielber is troch 3, dan wurdt yn it earste part (heechste puntenoantallen) in selskip taheakke. Dat kin ek jilde foar it twadde part.

Kêst 9 - De twa selskippen dy't yn ien winterskoft de measte punten behelle hawwe winne in priis. It heechst einige selskip is winner fan de toanielkriich fan dat winterskoft. De útslach fan de folsleine toanielkriich wurdt bekend makke op de slútjûn.

Kêst 10 - By it skôgjen fan de foarstelling beoardielje de karmasters mei help fan in ekstra beoardielingformulier ferskate teateraspekten. Fan dizze sân aspekten wurdt yn elk part fan de útslach elk winterskoft in rangoarder makke. Yn alle trije parten wurde de trije heechst einigjende selskippen yn in kategory nominearre. It heechst einige selskip yn in part fan de útslach kriget foar de kategory in priis yn de foarm fan in jildbedrach. Dit bedrach wurdt stoart op de rekken fan it selskip.

De sân teateraspekten binne :

- de meast bysûndere foarstelling
- it grutste jonge talint
- de bêste spiler
- de bêste spylster
- de bêste foarmjouwing by in foarstelling
- de bêste technyske stipe by in foarstelling (lûd en ljocht)
- de bêste muzikale stipe by in foarstelling

De útslach wurdt bekend makke op de slútjûn, dy 't oan it ein fan it winterskoft organisearre wurdt.

Kêst 11 - It bestjoer beneamt de foarsitter en de leden fan de Kriichkommisje. Ek beneamt it bestjoer de koördinator, dy 't de toanielkriich koördineart. Hy/sy is it oansprekpunt oangeande alle saken dy 't de toanielkriich oanbelange. Hy/sy is de kontaktpersoan foar selskippen en karmasters.

De kriich fan in jier einiget altyd mei it bekend meitsjen fan de útslaggen op de slútjûn yn de moanne april. Yn de moanne septimber nimt de Staf it inisjatyf ta it organisearjen fan de kriich yn it dêrop folgjende winterskoft. It winterskoft duorret fan 1 oktober oant en mei 31 maart.

Kêst 12 - Elk winterskoft wurdt der troch it bestjoer in oprop dien oan toanielleafhawwers, dy 't foar Staf yn it winterskoft skôgje wolle by de selskippen dy 't dielnimme oan de toanielkriich. Dizze saneamde leken sille mei trije persoanen it selskip besykje en de foarstelling anonym beoardielje. De útslach wurdt bekend makke op de slútjûn.

Kêst 13 - Sa gau as mooglik wurde troch it bestjoer nei de slútjûn de behelle punten skriftlik bekend makke oan de dielnimmende selskippen mei de rangoarder fan it winterskoft dat west hat. Underferdiel yn trije parten. Yn it winterskoft dat folget is de rangoarder fan it foargeande winterskoft net mear fan tapassing.

Kêst 14 - By elke foarstelling wurdt oan de belutsen karmasters en it selskip in evaluaasje formulier tastjoerd. Dit evaluaasje formulier moat troch de karmaster en troch it selskip ynfold wurde om dêrtroch in goed ynsjoch te krijen yn it ferrin fan de toanielkriich. Dit formulier wurdt uterlik 6 wiken nei de foarstelling opstjoerd nei Staf.

In selskip kin in klacht yntsjinje as hjir oanlieding ta wêze mocht. Lês hjirfoar Klachtereglemint op www.staf-fryslan.nl.

Kêst 15 - Foar alle gefallen, dêr't dit reglemint net yn foarsjocht, beslút it bestjoer. Dit reglemint hat as bylage it klachte-reglemint en makket yn syn gehiel diel út fan it Karbrief fan de Stichting Amateurtoaniel Fryslân (STAF) en is goedkard en fêststeld yn it bestjoer fan dizze Stichting.